

KOARTE BYCHTTSJINST

fersoening mei God en minsken, ynwindige reiniging:

(Foar it grutste part oernommen en frij bewurke út it Noardfryske sang- en liturgyboek "Loow nû e Hiire", Nordfriisk Instituut, 2000.)

De bycht is in middel om oan God en minsken te bekennen, wat jin dwers sit troch eigen ûngerjochtichheden. De bycht kin deistich thús plakhawwe. Men kin thús oan God en minsken om ferjouwing freegje. Neffens syn belofte wol God oan elk, dy't berou oer syn sûnden hat, alle sûnden ferjaan omwille fan it offer fan syn Soan Jezus Kristus oan it krús op Golgota. En wy meie om fernijing fan 'e goede bedoelingen en fersterking dêrfan troch syn Hillige Geast bidde. Omdat mannichien der thús net oan ta komt, jout de Tsjerke as mienskip der út en troch de gelegenheid ta, lykas hjoed it gefal is.

Foarôf hat de tsjerkeried ôfspraken makke mei de koster en mei F/L/Wurkgroep oer de datum, de gong fan saken.

L: jout útlis oan 'e oanwêzigen, nei oerlis mei de tsjerkeried.

YNLIEDING:

L: Hertlik wolkom yn dizze bychttsjinst, in tsjinst fan fersoening mei God en mei minsken, ek om mei ússels yn it reine te kommen. De tsjinst bestiet út twa dielen: se begjint mei in algemien diel; ta beslút kin elk, dy't dat wol, ûnder fjouwer eagen mei de foargonger of in oare meiwurker prate, dy't troch de tsjerkeried oanwiisd binne. De oare oanwêzigen bidde dan yn stilte mei.

F: De bycht is in middel om oan God en minsken te bekennen, wat jin dwers sit troch jins eigen ûngerjochtichheden. Neffens syn belofte wol God oan elk, dy't berou oer syn sûnden hat, alle sûnden ferjaan omwille fan it offer fan syn Soan Jezus Kristus oan it krús op Golgota.

Yn Gods namme meie fan Jezus al syn learlingen inoar de skulden ferjaan, sa as de Hear sein hat neffens Mattéus 16:19 en Johannes 20:22-23. (Joh. 20: ûntfang de Hillige Geast. Wa't jimme de sûnden ferjouwe, dy binne se ferjûn; wa't jimme de sûnden tarekkenje, dy binne se tarekkene).

Dêrtroch meie wy as Jezus' learlingen dizze tsjinst fan fersoening mei God op dizze wize hâlde. Earst wolle wy as mienskip ta fersoening mei God en minsken komme; dêrnei is der gelegenheid ta priveebycht. Om misbrûk yn 'e personele sfear fan de bychtpratyk foar te kommen, wurdt de priveebycht yn dizze selde romte hâlden yn dizze selde tsjinst.

MIENSKIPLIKE BYCHT:

L: Lit ús sjonge: in liet, dat ús ellindige skuldgefoel werjout, **byg.** Psalm 51, 130.

Wy lêze in part út de Bibel, **byg.** Psalm 51, 139:23-24 of oare skuldbekentenissen út 'e Bibel; gjin preek of meditaasje of oare taspraak.

F: Lit ús God belide, wat wy allegearre mei-inoar dien ha tsjin syn geboaden yn: it gebod fan 'e

leafde, útsplitst yn de Tsjien geboaden. Lit ús bidde.

Frij gebed, of: sjoch by de rubryk "Grutte bycht". Ôfslute mei it "'Us Heit".

Ús Heit, dy't yn 'e himelen is,

Lit jo namme hillige wurde.

Lit jo keninkryk komme.
Lit jo wil barre, lykas yn 'e himel sa ek op 'e Ierde.
Jou ús hjoed ús deistich brea;
en ferjou ús ús skulden,
lykas ek wy se ús skuldners ferjouwe;
en bring ús net yn fersiking,
mar ferlos ús fan 'e kweade.

**Want Jowes is it keninkryk en de krêft
en de hearlikheid oant yn ivichheid. Amen.**

F: Daliks neidat Jezus syn dissipels dit gebed leard hie, sei Er neffens Mattéus 6:14-15:
Want as jimme de minsken har oertrêdingen ferjouwe, sil jimme himelske Heit se ek
jimme ferjaan; mar as jim de minsken har oertrêdingen net ferjouwe, sil jimme Heit ek
jimme de oertrêdingen net ferjaan.

L: Yn in stilte fan twa minuten kin no elk foar himsels oertinke, wat hy sûndich dien hat
en wêr't er Gods ferjouwing foar nedich hat.

Lit ús bidde en lit elk dêrby tinke oan himsels allinnich:
Barmhertige God, Ik beken Jo myn skuld. Ik ha fersomme, goed te dwaan en ik ha
ferkeard dien yn myn tinken, dwaan en praten. Ik wol Jo de dingen neame, dy't noch net
goed kommen binne. Ik freegje Jo fan út myn hert: Ferjou my myn skulden omwille fan
Jezus Kristus en fernij myn libbenswize troch jo Hillige Geast.

Stilte (twa minuten).

L: Amen, Amen.

Bychtfragen: F: Foar de eagen fan de hillige God freegje ik jim allegearre:

1. Bekenne jim, dat jim sûndige hawwe, dêr fertriet fan hawwe en it mei God en
minsken goed meitsje wolle, antwurdzje dan mei Ja.

All: Ja.

2. Begeare jim, dat jim sûnden en skulden ferjûn wurde yn Jezus Kristus' namme,
antwurdzje dan mei Ja. **All: Ja**

3. Leauwe jim, dat God jim sûnden ferjaan wol, antwurdzje dan mei Ja. **All: Ja.**

4. Leauwe jim, dat God ek sûnder ús jim op earlike bekenenis jim sûnden ferjaan wol,
antwurdzje dan mei Ja. **All: Ja.**

5. Leauwe jim, dat Jezus oan syn learlingen it foech jûn hat om yn Gods namme oan
oare minsken de sûnden te ferjaan, antwurdzje dan mei Ja. **All: Ja.**

6. Leauwe jim dat wy, dy't troch de tsjerkeried oansteld binne, troch Jezus jim de sûnden
ferjaan meie, antwurdzje dan mei Ja. **All: Ja.**

Frijspraak:

*F spriedt beide hannen segenjend út oer de Gemeente en seit: Wat jim leauwe, dat sil
jim ek barre. Dêrom ferklearje ik: Op jim bekenenis en berou binne jim de sûnden
ferjûn. Folgje Jezus en libje tenei yn frede mei God, mei de minsken en mei jimsels, yn 'e
namme fan de Heit en de Soan en de Hillige Geast.*

L: Lit ús sjonge: in liet fan frijspraak, fernijing en opluchting, bygelyks Psalm 32 .

PRIVEEBYCHT:

F: Wy ha no as mienskip foar de eagen fan God stien, ús skulden beliden en ferjouwing
ûntfongen, mar bytiden wolle guon ûngerjochtichheden net wei wurde, ek net nei
ferjouwing; der bliuwe soms pynlike littekens. Dêrom is der nei dizze mienskiplike
fersoening mei God no gelegenheid foar minsken, dy't mear persoanlik mei ien fan ús

prate en bidde wolle. Dy gelegenheid is yn dizze selde seal. ûnderwilens bidde de oare oanwêzigen yn stilte mei (en wurdt der sûntsjes muzyk spile).

Bychtfragen:

F (en L en oare erkende bychthearders — B – sprekke) ûnder fjouwer eagen:
Sis my, wat jo belêstet. De bychtsjende sprekt him út.

B: Spyt dy sûnde jo ? (Ja). Wolle jo jo libben feroarje ? (Ja). Ha jo der al in plan ta makke ?* (Ja; of: Ik sil der oan wurkje; of: Noch net, ik wit noch net fan hoe). Wolle jo ferjouwing fan God ûntfange ? (Ja) En wolle Jo lieding fan Gods Geast ûntfange ? (Ja)

Frijspraak:

B leit de bychtsjende de hân(nen) op 'e holle of op it skouder en seit: Jo sûnden binne ferjûn yn Jezus' namme. Folgje Jezus. Wês opmerksum op de lieding fan de Hillige Geast. Amen. Gean werom nei jo plak; gean yn frede.

ÔFSLUTING FAN 'E TSJINST:

L: Lit ús ta beslút sjonge: ...

F: Gean hinne yn frede. God mei jim helpe om ta in nij libben te kommen, dat rein en goed is yn syn eagen. Hy sil jim segenje. Amen. Amen.